# NIJ BESTJOER, NO FOARUT!

coalitieakkoord 2025 - 2026



gemeente dantumadiel

# COALITIE AKKOORD

CDA, Sociaal Links en Gemeentebelangen Dantumadiel hebben de handen ineengeslagen en samen een coalitie gevormd. Geen dik akkoord vol details, maar heldere afspraken die richting geven. De basis van 'Nij bestjoer, no foarút!' is het raadsakkoord waar alle partijen achter staan.

De nieuwe coalitie wil samen werken aan een gemeente waar het goed wonen, werken en leven is. We investeren in leefbaarheid, ondersteunen wie het nodig heeft en bereiden samen keuzes voor over thema's die ertoe doen. Denk aan woningbouw, voorzieningen in de dorpen en de toekomst van het gemeentehuis.

CDA, Sociaal Links en Gemeentebelangen Dantumadiel hawwe de lapen gearsmiten en mei-elkoar in koälysje foarme. Gjin tsjûk akkoart fol details, mar heldere ôfspraken dy't rjochting jouwe. De basis fan 'Nij bestjoer, no foarút!' is it riedsakkoart dêr't alle partijen efter steane.

De nije koälysje wol mei-elkoar wurkje oan in gemeente dêr't it goed wenjen, wurkjen en libjen is. Wy ynvesteare yn leefberens, stypje wa't it nedich hat en riede ús mei-elkoar ta op it kiezen fan tema's dy't derta dogge. Tink oan wenningbou, foarsjennings yn 'e doarpen en de takomst fan it gemeentehûs.

gemeente dantumadiel



## FINANCIEEL GEZOND BLIJVEN

Een stabiele financiële basis is voor ons essentieel. Alleen met een gezonde gemeentebegroting kunnen we blijven investeren in wat echt nodig is, nu en in de toekomst. Daarom streven we ernaar de structurele kosten beheersbaar te houden, terwijl we voldoende ruimte behouden voor incidentele uitgaven.

## Finansjeel sûn bliuwe

In stabile finansjele basis is foar ús fan wêzentlik belang. Allinnich mei in sûne gemeentebegrutting kinne wy ynvestearjen bliuwe yn wat echt nedich is, no en yn 'e takomst. Dêrom stribje wy der nei de strukturele kosten te behearskjen, wylst wy foldwaande romte hâlde foar ynsidintele útjeften.

## ZONDAGSOPENSTELLING: GEEN ONDERZOEK, WEL DUIDELIJKHEID

De vraag of winkels in Dantumadiel op zondag open mogen, zorgt voor discussie. We kiezen ervoor om geen draagvlakonderzoek naar de zondagsopenstelling te doen. Maar we pakken de discussie wél op. Op korte termijn komen de coalitiepartijen met een voorstel waarover de gemeenteraad in gesprek gaat.

## Sneinsiepenstelling: gjin ûndersyk, wol dúdlikens

De fraach oft winkels yn Dantumadiel sneins iepen meie, smyt diskusje op. Wy kieze der foar om gjin draachflakûndersyk nei de sneinsiepenstelling te dwaan. Mar wy pakke de diskusje wól op. Meikoarten komme de koälysjepartijen mei in útstel dêr't de gemeenteried oer yn petear giet.





# INVESTEREN IN LEEFBAARHEID

Ook over 10 jaar moet Dantumadiel een fijne plek zijn om te wonen en te leven. Dat vraagt om goede voorzieningen in de dorpen. We willen een visie op toekomstbestendige dorpshuizen, sportaccommodaties en schoolgebouwen. Voor het einde van onze bestuursperiode willen we een nieuw Integraal Huisvestingsplan (IHP) voor onderwijs opleveren. Deze visie en het uitgewerkte IHP worden beide voorzien van een financiële paragraaf met doorkijk op de toekomst.

## Ynvestearje yn leefberens

Ek oer 10 jier moat Dantumadiel in skoander plak wêze om te wenjen en te libjen. Dat freget om goede foarsjennings yn 'e doarpen. Wy wolle in fyzje op hoe't doarpshuzen, sportakkommodaasjes en skoalgebouwen de takomst treast wurde kinne. Foar de ein fan ús bestjoersperioade wolle wy in nij Integraal Huisvestingsplan (IHP) foar ûnderwiis opleverje. Dizze fyzje en it útwurke IHP wurde beide foarsjoen fan in finansjele paragraaf mei in trochsjoch op 'e takomst.

# IEDEREEN MOET MEE KUNNEN DOEN

Economisch gaat het goed en dat geeft ruimte om te investeren. We willen mensen met een afstand tot de arbeidsmarkt helpen aan werk. Onder andere met een nieuw banenplan in samenwerking met sociaal ontwikkelbedrijf Dokwurk. Iedereen verdient het om actief mee te doen in onze samenleving. Voor concretiseringen denken we aan vergelijkbare initiatieven zoals project 'Meedoen'.

## Elkenien moat meidwaan kinne

Ekonomysk giet it goed en dat jout romte om te ynvestearjen. Wy wolle minsken mei in ôfstân ta de arbeidsmerk oan wurk helpe. Under oare mei in nij baneplan yn oparbeidzjen mei sosjaal ûntwikkelbedriuw Dokwurk. Elkenien fertsjinnet it om aktyf mei te dwaan yn ús mienskip. Om it konkreet te meitsjen tinke wy oan inisjativen ferlykber mei sa'n projekt as 'Meedoen'.






## AANDACHT VOOR LAAGGELETTERDHEID

Goed kunnen lezen, schrijven en rekenen is onmisbaar om mee te doen in de samenleving. We zetten ons actief in om basisvaardigheden te versterken en laaggeletterdheid terug te dringen, onder andere samen met Dokwurk. Zo zorgen we ervoor dat meer mensen zich kunnen redden op school, op het werk en in het dagelijks leven.

## Omtinken foar letterswakkens

Goed lêze, skriuwe en rekkenje kinne is ûnmisber om mei te dwaan yn de mienskip. Wy sette ús aktyf yn om basisfeardichheden fuort te sterkjen en letterswakkens werom te kringen, ûnder oare yn 'e mande mei Dokwurk. Sa soargje wy der foar dat mear minsken harren rêde kinne op skoalle, op it wurk en yn it deistich libben.

## DIGITALE DIENSTVERLENING NAAR EEN HOGER NIVEAU

Een van de belangrijkste doelen van de nieuwe organisatie was het zorgen voor korte lijnen en een betere dienstverlening. Ook digitale toegankelijkheid is hier een onderdeel van. Wij hebben een hoge ambitie op het gebied van digitale dienstverlening. Met als doel: het verbeteren van service naar onze inwoners en bedrijven.

## Digitale tsjinstferliening nei in heger nivo

Ien fan de wichtigste doelen fan de nije organisaasje wie it soargjen foar korte linen en in bettere tsjinstferliening. Ek digitale tagonklikens is hjir in ûnderdiel fan. Wy hawwe in hege ambysje op it mêd fan digitale tsjinstferliening. Mei as doel: it ferbetterjen fan service nei ús ynwenners en bedriuwen.

## VLUCHTELINGENOPVANG

Wanneer Dantumadiel de resterende maanden van deze raadsperiode verplicht wordt om vluchtelingen op te vangen dan kiezen we voor kleinschalige oplossingen, passend bij onze gemeente en de dorpen.

## Flechtlinge-opfang

Wannear't Dantumadiel de moannen fan dizze riedsperioade dy't oerbliuwe, ferplichte wurdt om flechtlingen op te heinen dan kieze wy foar lytsskalige oplossings, dy't passe by ús gemeente en de doarpen.



## DOORBOUWEN AAN WONINGBOUW

Er zijn al veel woningbouwprojecten in voorbereiding. Die willen we tot uitvoering brengen. Een concreet voorbeeld is het Mounetille-terrein in Damwâld. Daarnaast onderzoeken we hoe we met een actiever grondbeleid de woningbouw kunnen versnellen.

## Trochbouwe oan wenningbou

Der binne al in soad wenningbouprojekten yn tarieding. Dy wolle wy  útfiere. In konkreet foarbyld is it Mounetille-terrein yn Damwâld. Dêrnjonken ûndersykje wy hoe't wy mei in aktiver grûnbelied de wenningbou ferhastigje kinne.




## GOEDE VOORBEREIDING OP BESLUIT OVER GEMEENTEHUIS

De toekomst van ons gemeentehuis vraagt om een zorgvuldige afweging. Naast goede huisvesting van de organisatie gaat het ook om een toegankelijke plek waar inwoners en ondernemers terecht kunnen. De coalitie doet zoveel mogelijk voorbereiding en werkt verschillende opties uit. Op die manier kan de volgende raad een goed onderbouwd besluit nemen.

## Goede tarieding op beslút oer gemeentehûs

De takomst fan ús gemeentehûs freget om in sekuere ôfwaging. Neist goede húsfêsting fan de organisaasje giet it ek om in tagonklik plak dêr't ynwenners en ûndernimmers telâne kinne. De koälysje docht safolle mooglik tarieding en wurket ferskate opsjes út. Op dy wize kin de folgjende ried in goed ûnderboud beslút nimme.